

# TOMKE

Meartaligens by it jonge bern

Elkenien dy't hjir yn Fryslân mei bern wurket, hat te krijen mei twa- of meartalige bern. Guon krije thús allinne it Frysk te hearren, guon bern groeie op mei it Frysk én it Nederlânsk en oaren leare it Frysk op de berne-opfang of op skoalle. As pedagogysk meiwurker of learkrêft hast dêr miskien wolris fragen oer: hoe wurket sa'n twa- of meartalige ûntwikkeling no eins? Hoe kinne wy dy ûntwikkeling sa goed mooglik begeliede op de opfang en op skoalle? En watfoar oanbod is der beskikber om ús dêrby te helpen?

[www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)

## Boek in workshop meartaligens!

Tomke is in lêsbefoarderingsprogramma foar pjutten dat in soad brûkt wurdt yn de foarskoalske opfang en de ûnderbou.

De Tomke-wurkgroep fertelt jim graach mear oer de trochgeande learline Frysk yn in workshop 'meartaligens by it jonge bern'.

Yn sa'n 2 oeren learsto mei dyn kollega's mear oer de twa- of meartalige taalûntwikkeling fan jonge bern en hoe't jim dy op in leuke en boartlike wize stimulearje kinne.



**BOEK NO  
WORKSHOP  
MEAR-  
TALIGENS!**

### Ynhâld

- Utlis oer it ferrin fan in twa- of meartalige ûntwikkeling
- Demonstraasje Tomke-materialen en oar Frysk oanbod
- Tips foar taalstimulearringsaktiviteiten om it Fryske oanbod hinne
- Romte foar útwikseljen fan eigen praktykûnderfiningen



### Mear witte?

De workshops wurde jûn troch minsken fan de Tomke-wurkgroep. It programma kin oanpast wurde oan jim eigen winsken en behoeften en is fergees. Wis wêze fan in plakje? Nim kontakt mei ús op fia [ynfo@tomke.nl](mailto:ynfo@tomke.nl).

### Tomke-wurkgroep

De Tomke-wurkgroep is in gearwurking tusken Fers (út namme fan de biblioteken yn Fryslân), Afûk, Cedin en SFBO (kennisintrum meartaligens jonge bern), dy't mei-inoar alle projekten om Tomke hinne koördinearje.

It Tomke-projekt wol âlders en profesjonele opfieders ynformearje oer it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. Foarlêzen, ferskesjongen, (taal)sputtsjes en oandacht foar de deistige saken binne wichtich foar alle talen, dus ek foar it Frysk. Sjoch foar mear ynformaasje op [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl).

